

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân
ChristenUnie
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 12 desimber 2013
Ferstjoerd, **18 DEC. 2013**

Ús merkteken : 01101664
Ôfdieling : Stêd en Plattelân
Opsteld troch : C. Dijkman / (058) 292 56 24 of c.dijkman@fryslan.nl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurdig skriftlike fragen oer de tsjinstregeling Arriva treinen

Achte frou A. Haga,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 27 november 2013, beäntwurdzje wy as folgt.

Vraag 1: Wat vindt u ervan als de dienstregeling van Arriva treinen zodanig is dat reizigers groot risico lopen een aansluitende trein te missen dan wel lange tijd op het station moeten wachten op de volgende trein?

Antwoord vraag 1: Wy fine dat yn de besteande betingsten en beheiningen nei in optimale tsjinstregeling socht wurde moat. Wy ûnderskriuwe de problematyk oangeande de hjoed-deiske tsjinstregeling, mar wy kinne dizze net iensidich oanpasse. Wy moatte hjir rekken hâlde mei sawol oanslutingen tusken Arriva ûnderling as mei NS yn Ljouwert en Grins en hjirtroch binne de oanslutingen net sa goed as wy graach woenen.

Vraag 2: Op welke manier wendt u uw invloed aan om partijen te bewegen een dienstregeling te maken die wel op elkaar aansluit?

Antwoord vraag 2: Wy binne drok dwaande om ta ferbetteringen te kommen. Yn de ôfrûne tiid hat der ferskate kearen oerlis west mei alle belutsen partijen. Dat oerlis hat d'r ta laat dat by it yngean fan de nije tsjinstregeling in oantal lytse ferbetteringen trochfierd wurde sille. (u.o Yn'e moarnsspits binne de ferbiningen fan Snits en Harns op de sneltreinen nei Grins en Zwolle ferbettere.

Trochgeand binne wy dwaande om, neist boppesteande ferbetteringen, mei belutsen partijen nei mear ferbetteringen te siikjen. It besteande probleem leit foar in grut part oan de beheinde spoar infra tusken Zwolle-Herfte. Op 17 desimber fynt bestjoerlik oerlis plak oer de wize fan útwreiding fan de spoar infra. Dernei sil ek gau dûdlik wêze wannear de problematyk útiten is.

Sa as wol bekend is hawwe wy mei NS ôfspraken makke oer in útwreiding yn fazen fan de tsjinstregeling op de spoarline Leeuwarden – Zwolle. Yn die ôfspraken is opnommen dat fan 2017 ôf op moandei oan te mei freed oerdei fjouwer treinen yn de oere ride sille. Wy binne no yn oerlis mei NS om nei te gean of de yngongsdatum fan dizze útwreiding earder kin en hjirmei de ferbiningen yn Ljouwert te ferbetterjen. Op dit stuit liket de ynset fan in extra trein, sûnder de infra oanpassings, net it probleem op lossen.

Vraag 3: Zonder deze aanpassingen dreigt Leeuwarden (opnieuw) op achterstand te komen als het gaat om de verbinding met de rest van Nederland. Ondanks de inzet van de afgelopen jaren ondermeer door de Provincie Fryslân. Wat vind u daarvan?

Antwoord vraag 3: Sa as al oanjûn hingje ferbetteringen fan de tsjinstregeling foar in grut diel of fan de beskikbere spoarynfra. It oanlizzen fan infra hat in lange trochrintiid. Jo kinne gjin izer mei hannen brekke. Wêr as mooglik hawwe wy en sille wy de belutsenen oantrune om ferbetteringen troch te fieren.

Vraag 4: Hoe wilt u zich inzetten om op korte termijn de partijen (NS, Arriva, Prorail en Roco) om de tafel te krijgen teneinde de verbindingen van en naar Leeuwarden te verbeteren of in ieder geval op peil te houden?

Antwoord vraag 4: Mei alle boppesteande partijen is trochgeand oerlis. Koart nei 17 desimber sille wy de boppesteande partijen byinoar bringe om de resultaten fan it oerlis te besprekken en om nei oplossingen foar de koarte en lange termyn te sjen. Wy sille jimme dêroer op de hichte hâlde.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


J.A. Jorritsma, foarsitter

drs. A.J. van den Berg, sekretaris

foar dizze **O. Bijlsma, loko-sekretaris**

